

de Earn

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 11, nûmer 41, oktober 2008

‘Jou my wjukken’

Skriftlêzing: Lukas 13:10-17

Gemeente. Yn maaie en juny sieten wy yn lyts komitee byelkoar om dizze starttsjinst ta te rieden. Wat moast it tema wêze?

‘Kijk de kerk’ wurdt ús troch de synoade oanrikt. Goed bedoeld fansels, mar ús spriek it net sa bot oan. Likemin as de tema’s fan alderhande oare starttsjinsten op it ynternet.

Doe kamen wy út op de titel fan it iepenloftstik dat dit jier opfierd wurdt yn Jorwert: ‘Jou my wjukken’. Dat sei ús mear.

Ik wit net oft guon fan ús it stik sjoen hawwe of de film kenne. De Ingelske titel is *As it is in heaven* (2004). By de Oscar-útrikking (de heechste filmûnderskieding yn de USA) fan 2005 krige de film de priis foar de bêste bûtenlânske film. It tema dêr’t it oer giet, is bysûnder moai. Oangripend hjir en dêr sels. En dat benammen fanwegen de psychologyske kant.

Karakterûntjouwing

Hiel nijsgjirrich is it wat der bart mei de haadpersoan, de topdirigint Daniël Daréus. In man dy’t derop út is om krekt troch muzyk de herten fan minsken iepengean te litten. It is ek nijsgjirrich wat der bart mei de oare minsken dy’t yn it ferhaal foarkomme. De doarpsdûmny bygelyks en de koarleden. Hoe ’t dy har ûntjouwe en hoe ’t dy karakters bleatlein wurde.

Der sitte ferskillende hichtepunten yn it stik. Sa’n hichtepunt is fansels it slot as de dirigint leit te stjerren oan in hertoanfâl en dan heart hoe’t de minsken yn de konsertseal spontaan begjinne te sjongen. By eintsjebeslút hat er mei syn muzyk de herten fan de minsken iepene.

‘Tenei is myn libben fan my’

In oar hichtepunt is it liet fan Gabriëlla. Dat is in frou dy’t in hiel swier libben hat en dy’t troch har man Ferry, in hiele tyrannike, agressieve en tagelyk ûnbenullige man, mishannele wurdt. Elkenien hat begrutsjen mei har, mar net ien kin

der wat oan dwaan. Ut harsels moat hja safier komme om oerein te kommen út har ellindige sitewaasje.

De dirigint Daréus helpt har troch de krêft fan de muzyk. Krekt dizze frou moat it liet sjonge oer opstanning en libben. Hja nimt de útdaging oan en it is yndrukwekkend om te sjen, hoe’t dizze frou oereinkomt en mei in rjochte rêch dat liet stiet te sjongen. In liet, hiel sterk fan ynhâld en fol fan geastkrêft en libbensmoed.

*Ja, tenei is myn libben fan my,
want ik bin sa koart hjir op ierde.
Ut dy langst wei naam ik myn beslút.
Wat ik socht, ha ik hjir no fûn.*

*Dit is einlings wat ik graach woe,
Ik betroude op myn gefoelens.
Wist dat ik oait in diel ha soe
fan de himel dy’t ik nea fûn.
Ik wol fiele dat ik libje,
al myn dagen lang.
Ik wol wêze wa’t ik bin.
Ik wol witte dat ik libje.
Ja ik fiel dat ik it kin!*

*Ik wie jimmer trou oan mysels,
ek al kaam dat amper nei bûten.
Earder seach ik gjin oare wei,
mar no kies ik en ik bin frij!*

*Wat ik wol, is libje,
wêze wa’t ik bin.
as ’n frou sa sterk en frij.
Út de nacht ferriist de dei.
Ik bin hjir, no,
en gjinien nimt my dit ôf!
En de himel dêr’t ik fan dream,
leit foar my yn it hjir en no.
Ik wol fiele dat ik libbe ha!*

Myn ferhaal is fansels gjin resinsje fan in tonielstik of fan in film. It is in preek by gelegenheid fan de start fan it winterwurk. Mar dit tonielstik brocht my by in bibelferhaal, dat foarkomt yn Lukas 13. It giet oer in frou dy’t troch Jezus better makke wurdt.

Foar alle ynformaasje oer it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld en de Earnewâldster Rûnte, tsjerketsjinsten, preken, ynformaasje út de Earn ensfh. sjoch op: www.fowe.org

Preekrige

Tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke. As by mienskiplike tsjinsten Herf. stiet, binne se yn 'e Herfoarme tsjerke. Griff. betsjut yn 'e Griffomearde tsjerke.

5 oktober	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân m.m.f. Miste Voci û.l.f. F. Hofma
12 oktober	9.30 oere	R.C. de Vries-Martinie, Drachten	NL tsjinst; mienskiplik, Griff.
19 oktober	9.30 oere	Dhr. L. Durksz, Grins	Fryske tsjinst, mienskiplik, Herf.
26 oktober	9.30 oere	Frou M. Gort, Earnewâld	NL tsjinst, mienskiplik, Griff.
2 novimber	9.30 oere	Drs. Y. Hiemstra, Feanwâlden	Frysk Oek. Wurkferbân m.m.f. Gerrit Breteler ensfh.
5 novimber	19.30 oere	C. van Wieren, Twizelerheide	NL tsjinst, Griff., tankdei
9 novimber	9.30 oere	Ds. P. Dijkstra, Grou	NL tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke
16 novimber	9.30 oere	Frou M. Gort, Earnewâld	NL tsjinst; mienskiplik, Griff.
23 novimber	19.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst; mienskiplike betinkingstsjinst yn 'e Herf. tsjerke, tsjinst mei brea en wyn; lêste snein tsjerklik jier
30 novimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst; mienskiplik, Herf.
7 desimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân
14 desimber	9.30 oere	Frou C. de Boer-Bergstra, Skearnegoutum	Fryske tsjinst, mienskiplik yn 'e Herfoarme Tsjerke
21 desimber	9.30 oere	Frou M. Gort, Earnewâld	Hollânske tsjinst; mienskiplik, Griff.

Jeften

Ek yn de foarby moannen mocht it Wurkferbân wer rejale jeften fan ús sympatisanten ûntfange. Tige tank dêrfoar, want ús goede finansjele posysje makket ús wurk in stik makliker.

Winterwurk

Ik wol besykje om ek yn dit winterskoft yn Earnewâld wer in tal **praatjûnen** te hâlden foar belangstellenden, sawol út Earnewâld as dêrbûten. By dat lêste tink ik oan minsken dy't har ferbûn fiele mei it Frysk Oekumenysk Wurkferbân dan wol mei de Earnewâldster Rûnte. Der sil praat wurde nei oanlieding fan in preek dy't ik hâlden haw.

De earste jûn sil wêze op moandei 10 novimber o.s. de jûns om 8 oere yn de konsistoarje.

Earnewâldster Rûnte

By it ferskinen fan dizze Earn is de earste lêzing fan de Rûnte op 30 septimber al wer foarby. De folgjende lêzingen sille wêze op tiisdei 4 novimber (J.H. Laenen) en tiisdei 9 desimber (E.H. van Olst).

Kofjedrinken

Nei de tsjinst fan 5 oktober drinke wy meiïnoar in bakje kofje yn de Herfoarme konsistoarje.

Kopijdatum

Kopij foar it oare nûmer fan 'e *Earn* moat yn ferbân mei fakânsje fan de redaksje ynlevere wurde **foar 1 desimber 2008**.

ferfolch fan side 1


It is in hiel koart en ûnbekend ferhaal. It spilet him ôf yn in synagoge, ik tink fan yn Galilea. It giet dêr oer in frou dy't al 18 jier 'in geast fan swakkens hie' (sa stiet it dêr letterlik). Hja wie sa rûngear, dat hja koe hielendal net mear rjocht op stean.

Jezus is dwaande mei syn ûnderrjocht en dan falt ynienen syn each op dy miswoeksen frou. Hy seit dan tsjin har: 'Frou, jo binne ferlost fan jo swakkens'. Hy leit har de hannen op, stiet der en meiïens stiet se rjocht oerein en prizet God. Der ûntstiet dan by de oare synagogegongers in diskusje oer de fraach, oft it wol pas jout om op de rêstdei immen better te meitsjen. Mar dat litte wy mar foar wat it is.

Nijsgjirriger is it karakter fan it ferhaal, dat op in hokus-pokus ferhaal liket. Mar dat is it yn wêzen hielendal net. It giet oer in minske dy't al 18 jier in slimme kwaal hat, dy't troch it libben giet, bûgd en krûm fanwegens in slimme lêst. In minske dy't neidat se Jezus moete hat, wer mei in rjochte rêch troch it libben gean kin. Wy moatte ús betinke, dat de ferhalen dy't de evangelisten ús fertelle oer de wûnders fan Jezus, altiten in ferwizende betsjutting hawwe. It binne tekens dy't ferwize nei it grutte wûnder fan Peaske: it mystearje fan de ferrizenis fan Jezus út de dea en dêrmei fan de oerwinning fan it libben op de dea. En wat dat mei minsken docht. Dêr giet dit ferhaal ek oer.

Wy geane werom nei wat der bart yn dy synagoge. Sa kin men jin ôffreegje, wat dy frou krekt skeelde? Wie it rimmetyk of sokssawat? Dat is uteraard net mear nei te gean en dat is foar de útlis fan it ferhaal sels net wichtich om te witten. Persoanlik haw ik it idee dat der hiel wat oars oan de hân west hat as in rêchkwaal. Want der stiet dat 'de satan har 18 jier bebûn hat'. Der wie om samar te sizzen in kweade macht yn it libben fan dy frou, in kweageast dy't har al dy jierren yn de besnijing hân hat. In macht dy't har deltriuwt en dy't wol sa sterk is dat se dêr net tsjin opwoeksen is. En dat giet no al sa'n 18 jier lang.

Oer dat getal 18 falt ek noch wol wat te sizzen. 18 is trije kear seis. Yn de Tora stiet dat in Israëlyt dy't oan legerwâl en yn slavernij rekke is, nei seis jier wer frijlitten wurde moat. De gedachte wie dat men it gjin minske oandwaan kin om in libben lang yn slavernij te libjen. Dizze frou hie trije kear sa'n skoft yn de macht fan in kweageast sitten. Achttjin jier hie hja libbe yn ûnfrijheid en slavernij, of wat it dan ek mar wie. As Jezus dy opfallende ferskinning dêr tusken dy oare minsken sjocht, dan lit er syn ûnderrjocht foar wat it is, rint op har ta en helpt har ôf fan wat har pleaget en deltriuwt. En dan stiet der dat de frou oereinkomt en God priizget.



Gemeente, wat is no krekt de aktualiteit fan dit ferhaal? Wat hat it ús hjoed te sizzen? Ik tink fan in hiel soad. Want ek hjoed binne der frijwat minsken dy't bûgd troch it libben geane en dy't krektlyk as dizze frou deltreauwen wurde troch in swiere lêst. En dan haw ik it net oer rimmetyk of hernia of in oare fysike kwaal, mar op hiel wat oars. Net daliks te sjen, of miskien wol foar immen dy't mei in skerp each nei

minsken sjocht, lykas Jezus dat die. Want fakentiids is der ommers yn de hâlding fan minsken, yn in wize fan rinnen, mar benammen yn de eachopslach wol te sjen dat der wat oan skeelt.

Ik doel op dy minsken dy't swier beladen troch it libben geane fanwegen in swiere lêst dy't har op de nekke sit en dy't se net fan har ôf sette kinne. Dêrby kin it gean om in kweade ynfloed, in kweade stim, dy't der altiten is. En dy't in ferdjerlike ynfloed hat op it stean yn it libben. Wat men ek docht, hoe't men der ek tsjin wrakselet om dy stim kwyt te wurden, hy is der altyd.

Fanalles kin der yn in minskelibben barre dêr't men troch tekene wurdt. Dingen dy't jin oerkomme: in slim ferlies, in djip fertriet, sa yngripend dat men der net oerhinne komt. Mar der kinne ek slimme dingen wêze dy't jin oandien binne, dy't jin bybliuwe en deltriuwe. Negative ynfloeden fan bûten, krinkend en fernederjend oant yn it djipste fan jins siel. Ik fyn it altyd freeslik, dy ferhalen dy't minsken my soms yn fertrouwen fertelle. Bygelyks hoe't se thús altiten it gefoel hân hawwe dat se net akseptearre waarden. Hoe't se altiten efterút set binne by it bruorke of it suske. Dy waarden omheech stutsen, mar foar jin wie der noait in wurd fan wurdearring, hoe't men jins bêst ek die. Yn myn pastorale kontakten kom ik sokke ferhalen in hiel soad tsjin.

Hûshâldings lykje nei bûten ta fakentiids hiel prachtich en harmonieus, mar wat him bytiden efter dy doarren ôfspilet, dêr ha wy ornaris gjin idee fan. Der is net allinne soks as lichaamlike mishanneling, geastlike mishanneling bestiet ek. En krekt dêr leit in grut taboe op om oer te praten, om dat nei bûten te bringen. As men der al oer begjint, dan wurdt it amper serieuus nommen. Dat komt omdat bûtensteanders der gjin ried mei witte.

Mar it bestiet wol. En mear as wy tinke.

En sadwaande rinne der frijwat minsken om, rûngear fanwegen de leafde, de akseptaaasje en de wurdearring dy't har ûnthâlden is. Foar oaren wie it der wol, mar net foar jin.

As oan in ynfús is it fenyn jins libben yndript al fan jongs ôf. Mei wurden of sûnder wurden: 'Do, wat soesto. Mien mar net datst wat bist. Want do kinst neat en it sil ek neat mei dy wurde!'

En sa binne der minsken, waans gefoel fan eigenwearde en selsrespekt oant yn de woartels ta oantaast is. En in hiel negatyf selsbyld is sadwaande ûntstien. En de djipste laach dêrûnder is it gefoel: 'Eins mei ik der net wêze!' En somtiden is minsken dat ek oan te sjen. It stiet yn de eagen te lêzen.

Jezus seach dêr yn de synagoge sa'n frou en it rekke him djip. Want in minske mei rjochtop gean, omdat er witte mei dat er akseptearre is troch de himelske Heit. Dy hâldt fan syn bern sûnder betingsten.

'Frou, jo binne ferlost fan jo swakkens', seit er, en hy leit har de hannen op. En de frou stiet mei-iens rjocht oerein en prizet God. Hja stiet om samar te sizzen op út de dea. Hja kriget wjukken, komt oerein en libbet.

Gemeente, ik tink dat dit foar ús allegearre in hiele aktuele boadskip is by de start fan it winterwurk. Amen. **Rienk Klooster**

Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwster/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra, foarsitter fan it wurkferbân
E-post: yvhiemstra@hetnet.nl

D. den Hoed (0511) 53 95 58

J. Landheer (0511) 53 97 23
(tsjerkeriedslid, ponghâlder)

M. v. d. Molen (0511) 53 93 14
(tsjerkeriedslid)

G. Kobus (0511) 52 15 82

M. Bergsma (0512) 37 17 07

A. de Vlas (0511) 53 93 13

G. Wester-Herder (0511) 53 92 08

A. Veldboom (0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld:
Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

Muzyk yn tsjinsten Wurkferbân

5 oktober

Op snein 5 oktober sil ús tsjinst opfleure wurde troch de sjonggroep 'Miste Voci' ûnder lieding fan Freerk Hofma

2 novimber

Op **snein 2 novimber** oansteande sil foargean drs. Yvonne Hiemstra. Hja sil bystien wurde troch keunstner/skilder en musikant/komponist Gerrit Breteler. Sûnt in skoftsje wurkje hja gear en hja hawwe yn inoar in soarte fan reisgenoat fûn by it sykjen nei nijere foarmen fan Fryske Liturgy. Faaks hawwe jo harren al earder heard, yn in Wurkferbân tsjinst yn Itens of yn Nij Beets. De tsjinst yn Earnewâld sil gean oer God, fergonklikheid en boppeal: de leafde. Sintraal stiet dan ek it Heechliet, yn kombinaasje mei wurk fan Gerrit Breteler, sjongeress Gezina van der Zwaag en pianist Gerrit Hager. Der sil wurk songen wurde fan Gerrit Breteler's cd *Lit ús derom drinke* en lieten út syn Requiem foar Fryslân '*Opus Exit*'. It begjint om 9.30 oere. Kom op tiid, want it tal plakken is beheind. Sjoch ek foar mear ynformaasje:

www.gerritbreteler.nl

25 jier dûmny yn Westerwert en Earnewâld

Op 19 juny wie it 25 jier lyn dat ik befêstige waard as dûmny by de herfoarme gemeente Westerwert. Mei de tsjerke fan Earnewâld wie in kontrakt opsteld oer in pseudo-kombinaasje. Dat wol sizze: dy gemeente soe my foar in kwart fan myn wurktiid ynhiere fan Westerwert. It wurkjen yn dizze beide gemeenten hat my oant no ta o sa foldien. Ik haw der dan ek noait ferlet fan hân om om te sjen nei in oar plak. Sels fyn ik it gjin fertsjinste om sa lang op itselde plak te bliuwen, mar likemin om om de fjouwer of fiif jier fan plak te feroarjen. Dêrby fyn ik noch genôch útdaging en foldwaning yn it neffens my prachtige berop fan dûmny.

Op 22 juny wie dan de feestlike betinking yn Weidum, foar my echt in ferrassing. Myn frou, ús bern en harren oanhing wiene der en fierders siet de tsjerke fol mei minsken út Westerwert en Earnewâld. Nei de preek hâlde Jeltsje Koopman in hertferwaarmjende taspraak, dêr't se my en myn wize fan dûmnywêzen treflik yn karakterisearre.

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Reis nei Sina

Nei ôfrin fan de tsjinst wie der in resepsje yn it doarpshûs, dêr't ik in reissjek oanbean krige fan 2.500 euro. It bedrach wie benammen byelkoar brocht troch de gemeenteleden, oanfolle troch de beide tsjerkfâdijen en bedoeld om tegearre mei myn frou op reis te gean nei it bûtenlân. Beide wiene wy hjir tige fan ûnder de yndruk.

Wat ús ek goed dien hat, wiene de réaksjes út de gemeente, yn de foarm fan kaarten en sels fan kado- en boekebonnen.

Hjirby wol ik, ek út namme fan myn frou en fan ús bern, allegearre dy't dit jubileum ta in ûnferjitlik barren makke hawwe, tige tankje.

Ik kin jim no al meidiele, dat wy yn de simmerfakânsje de reisgidsen troch west ha en besletten hawwe om fan 't hjerst tegearre in reis te meitsjen nei Sina.

Rienk Klooster